

## Oan de leden fan de *Feriening Frysk Underwiis*

180616.2.def.FFU-br.

Itens, 16 juny 2018

*Ûnderwerp:* jierferslach 2017 en fierdere aktiviteiten

Achte leden,

Yn it jierferslach 2017 (<http://ffu-frl.eu/PDF/171231.def.jierfersl.FFU.2017.pdf.logo.pdf>) sjogge wy as lytse organisaasje werom op wat it krewearjen foar in lykweardich plak yn it Fryske ûnderwiis opsmitten hat. Spitigernôch kinne wy noch lang net sizze dat de tiid fan de efterstelling fan it Frysk op de skoallen foarby is. It 'geweld' fan Hollânske ûnderwiistradysje is noch altiten dominant en noch alle jierren krije de measte bern amper ûnderwiis yn it Frysk mei alle gefolgen foar harren foarming en feardichheden. De sûnt 2014 besteande wetlike mooglikheden om parsjele ûntheffing te jaan – bedoeld om (basis)skoallen better op gong helpe te kinnen – hawwe krekt it tsjinstelde opsmitten: it reint ûntheffings en dan benammen foar it lêzen en it skriuwen. Noch altiten docht it Frysk der net ta as it om de kwantiteit en kwaliteit fan it ûnderwiis op de Fryske skoallen giet. De redenaasje fan skoalbestjoerders en direksjes yn dit stik fan saken is dan ek pragmatysk: wêrom soe men as skoalbestjoer it risiko rinne om in negative ynspeksjebeoordieling te krijen op bgl. it ûnderwiis yn it Hollânsk? Wêrom kostbere ûnderwiistiid te fergriemen oan soks as it Frysk? De bern prate it net iens mear op it plein ... en lang net alle learkrêften behearskje it Frysk.

Ferantwurdlike bestjoerders as Deputearre Steaten (DS) seagen de bui oankommen en wachten it einrapport fan de 0-mjitting (it fêststellen fan de begjinsituasje fan de skoalle) net mear ôf. Op 17 april 2018 hawwe DS de skoallen alfêst 12 jier ekstra tiid tasein om de ferlege keardoelen Frysk yn de skoalprogramma's in plak te jaan. En dat nei in perioade fan mei-inoar 50 jier (!) foar it basisûnderwiis (1980 – 2030) en foar it fuortset ûnderwiis (1993- 2030) 37 jier (!). En ek noch sûnder in plan foar it tafersjoch op de resultaten by de learlingen, de behearsking fan it Frysk by nochal wat learkrêften en foar foldwaande gaadlik meartalich materiaal. Nee, it Hollânsktalige 'geweld' yn de skoallen – en sa stadichoan ek it Ingelsktalige – makket noch alle jierren 'slachtoffers': jonge Friezen sûnder foldwaande (skriftlike) behearsking fan it Frysk.

Yn tsjinstelling ta ferline jier organisearje wy yn 2018 gjin jiergearkomste (dy fan 2017 klik op: [http://ffu-frl.eu/PDF/171008.\[2\].def.fersl.jrg.FFU.20-0317.logo.pdf](http://ffu-frl.eu/PDF/171008.[2].def.fersl.jrg.FFU.20-0317.logo.pdf)). Foar mar in pear leden is it fêstlizzen fan in gearkomsteromte en bygelyks it útnûgjen fan in sprekker net sinfol. Dêrfandinne in wiidweidich jierferslach oer 2017. Boppedat binne wy drok besteld mei it oerlizzen mei en it jaan fan ynformaasje oan bestjoerders, amtner, organisaasjes en groepen dy't behelle binne by it Frysk yn it ûnderwiis. Reaksjes op it jierferslach binne fansels o sa wolkom. It postadres fan de skriuwer stiet boppe-oan it brief en syn e-mailadres is: [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com).

Fierder soe de ponghâlder jimme jierlikse bydrage fan € 10 – in heger bedrach is fansels altyd wolkom! – graach yn 'e mjitte sjen. Wa't in automatyske oerboeking by de bank ynsteld hat (bgl. oan 'e ein fan it jier), hoecht no neat oer te meitsjen; dy betelling wachtsje wy dan wol ôf. De bydrage graach oermeitsje op: **op NL 17 INGB 0002 3560 38** mei fermelding **ledejild 2018** (of *oardere jierren* as soks noch net oermakke wie) op namme fan: **FFU Feriening Frysk Underwiis, E. Knotter, ponghâlder FFU, Beetsterzwaag (De Sweach).**

Mei freonlike groet,

*Th. Dykstra, foarsitter*